

Freed 4 maart 2022 Ferhalemiddei

Ferhalen fertelle: in aardichhdei sa âld as it minskdom. Yn de prehistoarje barde soks ek sûnder mear, nei in jachtpartij of – der is neat gjin nijs ûnder de sinne – in oarloch. De grottekenings yn Lascaux, Altamira en oare plakken binne ek in soarte fan ferhalen, miskien om de takomstige jachtbút te betsjoenen of in suksesfolle jacht yn oantinken te hâlden. It wiidferneamdste oarlochsferhaal is dat fan de tsienjierrige kriich om Troje, yn heksameters en aleksandrinen fêstlein fan Homeros, de rapsode, reizgjende dichter/ferteller/ferslachjouwer fan dat barren.

Fryslân hat syn eigen magnum opus fan dy tradysje yn De Rimen en Telstjes fan de bruorren Halberftsma. Ferhalen út de kroech, de fjoerhutte, de skearwinkel, fan it bûthúsbankje. Bekend binne ek de kroefchferhalen fan Rink van der Velde, in master yn de lytse tipelsinnichheden fan minskelibbens.



In ferskaat oan ferhalen, ûnderwerpen kaam de 4e maart yn kafee 'De Freonskip' oer it fuotljocht. Eefkes ferdwûn de ûnstjoere wrâld fan Oekraïne, Putin syn megalomane tinkwrâld nei de eftergrûn. De 'rapsoden' fan hjoed pleatsten ús tebek yn de tradysje fan it eartiids wiidferneamde 'Winterjûne-nocht' tiidrek. De pommeranten fan doe, Hjerre Gjerrits van der Veen, en net te ferjitten Waling-om Dykstra, fermakken it folk ta de teannen út mei âlde sêgen, leginden, nij optochte ferhalen.

De minsken dy't yn de skiere âldheid mei dy bagaazje de paden fan de har bekende wrâld bereizgen, allyk hjir de fyndoekspoepen en hantsjemieren fan eartiids - koenen yn har mienskip op in protte respekt rekkenje. Se waarden sjoen as lju dy't yn ferbining stienen mei hegere machten. As sa'n

rapsode yn in doarp oankaam rûn it folk gear en belibben se in noflike jûn. Se lieten de minsken eefkes harren deistige soargen en problemen ferjitte. Dat hat men soms nedich. As betankje krigen se in miel iten en ûnderdak oanbean.

Sietze Bouwhuis stapte foar in grôtfolle seal yn de fuotprinten fan syn heit Jan Bouwhuis, silger, fan Parregea. Om syn skriuwen ek ferneamd yn in widere krite as allinnich om Parregea hinne, of de rûnte fan it bestjoer fan suvelfabryk De Goede Verwachting, dêr't er skriuwer fan wie. Doe't it fabryk de 75 helle, krige hy opdracht om in boekje gear te stallen oer alle fabriken dy't op dat stuit ûnder de wjukken fan De Goede Verwachting bedarre wienen: 'Troch waer en wyn,' is in lytse klassiker yn de suvelwrâld wurden.




Sietze hie yn heite' papieren in pear ferhalen fûn, dy't er oer it fuotljocht brocht, soms bewurke hie. Der siet de bekende Roomske humor yn oer de tipelsinnichheden fan bygelyks in selibatêr bestean fan mynhear pastoar, dêr't men noch altyd om gniisgobje kin. In pastoar is ek mar in minske fan flesk en bloed, de natûr is soms kwealik te beteamjen en dan is boereslimheid in betûft ynstrumint om de gefolgen fan sa'n ûnselibatêre ûndogenske streek foar biskop of oare hege mieter plausibel te tsjuten. Sa't dat de pastoar fan Bakhuzen slagge yn Sietze syn bydrage, mar der binne oare farianten fan dat ferhaal bekend. Kostlik. Wat in ekspresje. Wat in tiidrek, dat sa goed as by de jiske-amer set is.

Johan Flapper rekke op'e tekst oer syn grutte passy: Fûgels. Benammen de ûlen dy't yn en om Blauhûs te finen binne. Johan beskikt oer in tige opmerksume geast. Ut lytse oanwizings yn de natûr wit hy te dedusearjen oft der tsjerke- of stienûlen sitte. Dat sa'n dier in spanwiidte ha kin fan lôkernôch 80/90 sintimeter, wat in majestueuze stille fleander it is. Dat men oan de tekstuer fan de wjukken sjen kin, as men betûft genôch is – en dat die bliken is Johan perfoarst mear as sljochtweihinne - oft it in mantsje of in wyfke is. Tsjin dizze leafhawwerij oer hat er noch in hobby, gitaarspylje, muzikant dus. Mar dat hat nea fan de swiete klanken fan Mozart of de balladeftige sjongerij, spyldeij fan Bob Dylan. Johan libbet him út yn heavy-metal muzyk. In prachtich contrast, de twa gesichten fan dizze ynimmende kauseur.



Rôlje. Net oer de wetterweagen om Grou hinne, mar yn in moaie slide oer de Hemdyk om Blauhûs hinne. Dat hat goed 40 jier de wrâld west fan **Willem de Boer**. Hy folge ea syn heit op as autorydynstrukteur. Senior wie, dermei begûn, doe't de opgeande tiid autoride foar de gewoane man mooglik makke. Hy fûn doe't de tiid dêrta stie dat ien fan de húshâlding syn bedriuw eins oernimme moast. Dat waard Willem. Syn earste eigen wein wie in VW Jetta. Dan sitte wy ein jierren 70, sa likernôch. Willem hat nea byhâlden hoefolle hakkenkrukken er dochs achter it stjoer hân hat, faak earst mei it swit yn de hannen. Teorylessen jaan mei dinky-toy autokes. Pear kear sakje en mar wer besykje. Willem wie sels ek net mei de earste kear keapman. Der wienen singeliere klanten by. Doe't ien fan de partners fan Gerard Reve efter it stjoer kaam, gie Gerard ekris mei; hy siet efteryn. Op in stuit sei de ynstrukteur, 'Gerard wil jij het ook eens proberen?' Gerard koe in tûke skriuwer wêze, de auto hie



er pas nei fjouwer kear ôfriden ridlik ûnder kontrôle foardat de eksaminator him in papierke taskikke doarst. Oer syn leafde foar sport kin Willem miskien in oare kear op'e tekst.

Gerard Brattinga, âld-Blauhûster, sketste yn in stûf kertierke it wûndere libben fan de Brattinga's dy't yn Hollân as Fryske emigranten gâns furoare makke ha yn de grafyske sektor. Benammen hie de famylje in namme heech te hâlden as saneamde 'steendrukker', ek litografy neamd. In proses dat prachtige grafyk opsmite kin en hiel faak ynsetten is foar reklameprinten. Se hienen yn hiel Nederlân bekende bedriuwen as klant. Bygelyks It romrofte V&D, chemyske concerns, se wienen allegearre klant by Brattinga. Ien fan de bekendste klanten en freon wie de skepper fan Nijntje, de fan syn prachtige krulsnor bekende skriuwer/yllustrator Dick Bruna. Dy makke ek de omslaggen foar de Fryske detektiveromans fan De Schaduw, skreaun troch Ljouwerter Havank. Wolteld fjouwer generaasjes wisten de saak ta grutte bloei te bringen. It Frysk museum hat der nochris in útstalling oan wijd. Underwilens is it bedriuw fallyt rekke en bestiet it oantinken noch yn musea of op souders by partikulieren. De famyljenamme is ôfkomstich út de krite fan Aldegea-W (no SWF), dêr't de feart de Bratte noch oantsjut dat de kakstoel fan de Brattinga's dêr honk hân hat.



Nynke Rypkema, de skoandochter fan Sijke en Jap Rypkema wennet op in pleats tusken Blauhûs en Wolsum. Har wenstee is fan Gerben Rypma op doek setten. De eksplôitant fan de Freonskip hat dat skilderij mei tierige kij op de foargrûn útfergrutte op de wand fan syn seal oanbringe litten. Miskien binne dy kij dy't der rinne en lizze te wjerhôgjen noch besibbe oan de Adema-bollen fan Knol út Hartwerd, net sa fier út de reek. Op dit stuit soenen wy graach wer sokke greiden sjen wolle...



Nynke rint net efter de kij, mar wurket by in bedriuw dat benammen aktyf is yn de sektor fan de jachtbou. Foar de rekreaasje. Net daliks foar de gewoane boatsjefarders ornearre, yn in oar segmint fan dy merk spylje se in wichtige rôl. De klandyzje hat, brocht se oer it fuotljocht, wol wat mear - benammen jild - yn de molke te krommeljen, lit hiele grutte sefeardige jachten bouwe. Har firma, se is ûnderwilens firmant troch't se har ynkoacht hat, leveret in breed skala oan technyske útris, dat benammen betsjinne wurde kin mei de hightech mooglikheden fan tsjintwurdich, kompjoeters spylje in wichtige rôl dat sil dúdlik wêze. De groei sit der goed yn. Der is ferfearn nei in gruttere loads en der binne mear meiwurkers op kommende wei. Ynteressante gewaarwurding sa'n betûfte sakefrou oan te harkjen, dy't har swetten wis noch fierder útlizze sil.

In prachtich poetysk mimerstik, de memoires fan in stien. In deagewoane stien. No ja, net sa deagewoan, want hy wie it ûnderwerp fan **Marije Roorda** har bydrage. Se is bestjoerslid fan de organisaasje en hat mei Sicco Rypma, tûzenpoat fan Blauhûs, dizze middei stal jûn. Is, njonken har literêre aktiviteiten, mei byldhouwen begûn. De earste fruchten fan dit krewearjen, wrakseljen ha stien as basismateriaal. No binne der hûnderten soarten stien. Tige bekend is marmer, yn alle kleuren fan de reinbôge. In begjinner yn dit métier kin it bêste mar begjinne mei sjippetien, sizze de kenners. Dus dan pakt men de kaphammer, de beitel en los. Sa ienfâldich is it lykwols net. Der moat mei ferdrach mei



de stien omgien wurde, „As de ein berikt is moat der omraak file en skjirre wiurde foar't it risseltaat besjen lije kin. Wa sei ek al wer, it byld sit al yn de stien, it moat der allinnich eefkes úthelle wurde? Mar hoe't sa'n stien dat hiele prosedé fan blok ta byld ûndergiet, dat liet Marije ús hearre. Se krûpte yn de hûd fan de stien. Oangename wurdkar, melodieus ferteld yn moaie sinnen en meanderjend ritme en dat wie nijsgjirrich genôch foar in moai kertierke. Sa'n oanpak om dy stien sels syn transformaasje ta keunstwurk oereidzje te litten skaait út nei de tinkwrâld fan natûrfolken dy't yn alles dat op'e ierde oanwêzich is in siel taskikke. Hulde.

Yme van der Meer makket syn hiele libben al muzyk. Mei in koperynstrumint. Mear as fjirtich jier hat hy mei de rûnom bekende Blauhúster dakkapel op paad west. Yn binnen- en bûtenlân rekken se bekend. Foaral de optredens op grutte sporteveneminten as hurdriderijen yn Thialf en de bjusterbaarlike opgong fan SC Heerenveen yn de Nederlânske fuotbalkompetysje ûnder trener Foppe de Haan soarge foar nammebekendheid. It waard fan in aardichheidsje in perfekt rinnende organisaasje. Alle kampioenskippen woenen de BDK op it fjild, om de baan hawwe. Fleurige meisjongers, folkslieten alles waard spile. Steefêst oan de ein fan alle optredens 'it Frysk bloed, tsjoch op.'



Lykwols it begûn mei in lytse groep fan in man of seis, dy't by in doarpsfeest muzikale assistinsje ferliende, by in optocht of in brulloft, bygelyks dy fan Marije Roorda, sa wist er noch wol. Op in stuit woenen se besykje mei it 'wrâldrekord langblasen' yn it Guinness book te kommen. Om der wat ekstra publisiteit by te krijen hienen se betocht om dat op it dak fan it Teatskehûs te dwaan. De krante kaam derop ôf en makke melding fan de prestaasje fan de Blauhúster dakkapel, dy't oant dan eins sûnder namme troch de tiid gie. In Frysk fenomeen wie berne. Letter waard it unifoarm dan ek in boerekiele mei prominente pompeblêden. Dat makke in fierdere yntroduksje oer komôf folslein oerstallich. Yme hat sines noch altyd Nei likernôch 10 jier kamferballen strûpte hy him op'e bühne nochris oer syn deistich habyt.

Altiten alles yn eigen hân hâlden, gjin waarmmielrinders derby as managers ensa. Sels wienen se tûk genôch om kontrakten en datsoarte gongbere dingen yn'e artystewrâld ôf te hannelejen. Spilen se earst foar in glês bier of sa, letter waard der gaazje frege, want ferfier rydt net op lucht of wetter en oernachtsjen is ek net fergees. Sa waard it in hiele 'geoliede' masine. Der kamen ek mear muzikanten by, it rûn op nei in fyftjin, op in stuit wienen se by steat om fjouwerstimmich te spyljen, wa koe dat yn dat segmint fan de merk? Alle dagen lykwols oefenje en ien kear wyks repetearje. In knoarre tiid oan spendearre, mar ek in bult weromkrigen. Moaie dingen belibbe, sa as spylje op de ferloving fan Willem Alexander en Maxima. Underwilens is dat allegearre histoarje. It tal fan de freoneploech, dat wie is sûnder mis, is ek net mear yntakt. De tiid hâldt ommers gjin skoft Se hienen it net misse wold. In prachtich plakboek, tagelyk in lytse ode oan al ferstoarne maten, waard sa foar de harker iepentearde.

JPD